



Fryske Krite "Meiinoar Ien" Hurderwyk e.o.

skriuwers: Kees en Siska van der Beek

kevanderbeek@gmail.com

Winterskoft 2019 – 2020

Oan al ús leden,

Sa as jimme sa stadichoan al gewoan fine, krije jimme wer in oersjoch fan it kommende winterskoft, dat wy as krite inoar wer moetsje. Wy hope, dat der yn it program foar elts wat sit.

It oersjoch:

- ❖ Snein 25 augustus 2019: **Fryske Tsjerketsjinst** yn de PKN-Maranathatsjerke, Bovendarsweg2c, 8084 JB **'t Harde** middeis om 16.00 oere. Foargonger: ds. Ida Boersma fan Wapenveld. Liturgy is oanwêzich. Nei ôfrin is der romte foar in gesellige neisit en wat drinken. Der is genôch parkearromte by de tsjerke.

- ❖ Woansdei 9 oktober 2019: Wy fiere dat wy as Fryske krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk en omkriten **40 jier** bestean! Wy komme de middeis byinoar om dit **jubileum** te fieren by de fiskspesjalist-fiskrestaurant, ielrikkery en ielmuseum fan Dries van den Berg & Zn. yn Hurderwyk
 - 14.45 oere Ynrin
 - 15.00 oere Wolkom
 - 15.30 oere film oer ielfiskery en -rikkery – besite oan de rikkerij en it ielmuseum. Dries docht sels de rûnlieding + ferhalen oer de fiskery skiednis hjir en de spesjale bannen mei Fryslân.
 - 17.00 oere Meiinoar iteKosten iterij: € 15,00 foar in basis-skoatel + drankje
(foar de net-fisk-iter: der wurdt wol wat oar-lekkers foar jim klearmakke!)
€ 20,00 foar in slyktonge, kabeljau of salm
ekstra drankjes en snypsnaren foar eigen rekken.
Foar wa't dat noch net dien hawwe: **opjaan foar 21 septimber** by savanderbeek@gmail.com

Lift : der is in lift foar wa't min út de fuotten kin. (It museum leit op de boppe-ferdjipping)
Parkeare – fergees - eigen parkearterrein neist it pân.

- ❖ Sneon 16 novimber 2019: **Moetings- en Ynspiraasjemidde** fan it Frysk Boun om Utens yn de Kiekmore
De jûns komt it toanielselskip 'Fleurich fierder' fan Jobbegea mei it stik "It deiboek fan Tinus Teckel"

- ❖ Sneon 4 jannewaris 2020 (fan 15.00 oant 19.30 oere) is ús **Nijjersgearkomste** mei Ledegearkomste. Jan Bosgraaf, foarsitter fan it Frysk Selskip Swol, sil in ynlieding hâlde oer syn funksje as Bûtengewoan Amtner Boargerlike Saken (BABS) yn Staphorst en Swol. Der is wer in smaaklik stamppot-buffet en wy slute ôf mei it Frysk Byldbingo.

- ❖ Sneon 8 febrewaris 2020 komt it **Akkrumer Dream Theater** wer mei it ferfolch op it ús wolbekende “Mutsen”.

- ❖ Sneon 21 maart komme wy byinoar yn de Catharinakapel yn Hurderwyk. Yn gearwurking mei de Catharinakapel wurdt in theaterspektakel oer **de skiednis fan it Skûtsjesilen** hâlden.

De Kritejûnen begjinne om 19.30 oere – ynrin fanôf 19.00 oere.

Wy komme by inoar yn it **MFS “de Kiekmure”**, Tesselschadelaan 1 yn Hurderwyk – till. 0341 – 434749

Neiere ynfo komt yn ús Kriteblêd; meast twa wike foarôf oan de Kritejûn leit dy by jim yn de bus. Op ynternet kinne jimme elk Kriteblêd ek werom fine op de webside fan it Frysk Boun om Utens – www.fryskbutenfryslan.frl by de Krite Hurderwyk of yn it oersicht fan alle Kriteblêden, dat fan alle krite dêr te finen is.

Yn it earste Kriteblêd fan dit nije Winterskoft 2019 – 2020 wurdt in bon set, dy’t jim ienris brûke meie om net-leden foar heal jild mei te nimmen nei in Kritejûn.

Fansels meie jimme safolle mooglik “nije gesichten” meinimme – lid-wurde kin dêrnei wol 😊

De skriuwers.